

*Ds. J. J. Kalma: wy forhearlikje him net, mar wy binne tankber*

## Joast Hiddes bitocht yn syn bertedoarp Grou

„Yn syn brieven komt men in minske Halbertsma tsjin. Der is by him in tokoart oan wiere greatens. Mar wy moatte net forjitte, dat er allinne bigoun is op in great ta! terreinen en dat er dat ek folhâlden hat. Fôlhâlden, nettsjinsteande syn aerd. Dat er striden hat mei syn „hypochondrie,” mei hwat er neamde syn „worgengel, de melancholie,” dat is syn eare. Wy forhearlikje him net: in bulte fan hwat er sein hat, is forâldere. Mar wy moatte tankber wêze foar syn ynisiatyf. Der heart moed ta om lykme allinne it nije to bigjinnen. En Joast Hiddes „doarst allinne stean.”

Mei dizze wurden hat ds. J. J. Kalma yn in folle grouster tsjerke justerjoun syn taspraek bisletten oer: „J. H. Halbertsma doe en nei hûndert jier.” It wie de offisjele bitinkingsjoun fanwegen it Halbertsma-Komitê 1869—1969, dy't joun (en nou foar elkenien) foar de twadde kear hâlden wurde sil. Yn syn iepeningswurd hat dr. K. de Vries, lid fan it Komitê, der op wiisd, dat bitinken fan in great learde lykas Halbertsma wie, sin en doel hat. Der bestiet gjin tsjinstelling tusken forline en takomst en fan in bitinking kin libbenskrêft útgean. In folk dat net mear bitinke kin of wol, is ta weismiten

keard, sa sei dizze sprekker.

Ds. Kalma stelde yn syn taspraek fêst, dat de Iju yn syn eigen tiid Halbertsma respektarre, mar noch mear freze hawwe en him dêrom isolearren. Hy sette syn miening net ûnder stuollen en banken. Sa't syn soan Petrus ris skreau: „Hy is de okse, dy't stjitte wol” (Horatius).

Dizze twadde Bilderdijk hat men rêstich van 'e kant skoud en der ta meiholpen, dat er in forbittere man waard. Hy wie de nonkonformist, de dwerslizzer, de man dy't brekke moast om't er bouwe woe. In fijân fan allegearre en it meast fan himsels. Douwe Kalma makke in soarte fan Jong-Fries fan him en prof. J. H. Brouwer neamde him noch yn 1941 „een prachtkerel,” mar ds. Kalma woe dêr mar in fraechteken efter sette. Binammen nou't syn brieven tagonkelik makke binne, witte wy maer.

Oan de stylfokke joun hawwe meiwurking joun Joh. Bokelman (oargel), it Grouster Mingd Koar (mei Halbertsmalieten en D. A. Tamminga (foardracht), wylst der ek in rige ljochtbylden oer J. H. Halbertsma op it doek brocht is, taljochte fan de hear Tamminga.



De famylje Halbertsma hat niget oan de Halbertsma-útstalling yn it riedhûs to Grou. Fan lofts nei rjochts de hear J. J. Halbertsma, de hear P. G. Halbertsma, nefrou P. C. Halbertsma—Hylkema en de hear H. B. Halbertsma.